

Jubileum-konsert

„Gemengd Koor” to Grou

It sizzen „der binne gjin minne koaren, der binne allinne minne direkteuren”, sit grif folle wiers yn. Fansels kin de iene minske better sjonge as de oare, mar dat it iene Fryske doarp en it oare mankoar sa folle ûnt- rinne soene, hwa doar dat út to hâlden? Mar dat de prestaesjes dochs fier út inoar rinne kinne, sil elts meistimmie, dy't it doarpskoar fan Grou forgeliket mei sawat alle oare.

Oant foar inkelde jierren, die it Grou- ster koar mei oan it gewoane koarlibben: prizen winne op in concours. Doe hat it brutsen mei dy ûnfruchtbre sleur en him in oar doel steld: it útfieren fan wurk dat op peil stiet en dêr binammen de Fryske kultuer mei to tsjinjen. Hwa 't neigiet, hwat it koar de lêste jierren útfierd hat, sil amper leauwe kinne, dat soks fan in doarpskoar mooglik is. Somlike prestaesjes fan it koar kinne mei it wurd „feno- menaal” it krektst oantsjut wurde.

Nou't it koar fjirtich jier bistien hat, joech it Woansdeitojoun in jubileum- concert yn 'e Greate tsjerke, dêr't fierder oan meiwurken de sopraen Akke Zwart, de alt Jelly Postma, de oargeliste Griet Calsbeek en it Fryske Jeugdorkest.

Om mei it lêste to bigjinnen: it is altyd in nocht om jonge minsken sa muzisearjen to hearen. Hwat soks foar harren muzikale opfieding bitsjut, kin net heech genôch oanslein wurde. Juffer Hanny Overdijk spile fortsjinstelik twa dielea út in concert fan Tartini. Soks ûnthjit wol hwat.

Jelly Postma biwiisde op 'n nij, dat hja op 't stuit de bêste alt is dy't wy yn Fryslân ha. It sjongen fan Akke Zwart wie foar my in forrassing. Har stim mei noch net de draechwiidte fan dy fan har kunst- suster ha, opfallend wie de frissens fan har lûd. Juffer G. Calsbeek toande har in tige by tige tûk en pûrbêst bigeliedster.

It Te Deum fan Algra biwiisde, dat Fryslân in komponist mear hat as ik wist, en in komponist dy't wol hwat kin. Fan de trije oare stikken dy't it koar song, wie it Ave Verum fan Orlando di Lasso foar my it hichtepunt.

It Grouster koar hat yn Fryslân noch in swiden taek foar him lizzen. P. F.